



Achte Kriteleden,
Hjirre alwer it lêste Krittenijs fan dit jier, fersy desimber 2019.

Alderearst wolle wy jo graach op de hichte bringe dat de nijjiersbesite **19 jannewaris** fanôf **15 oere oant 17:30 oere** yn it Reuvenloo yn Foarburch is. Yn it foarige krittenijs stie noch 12 jannewaris, mar it wurdt dus snein 19 jannewaris.

Jo binne tige wolkom en it sil in gesellige Fryske gearkomste wêze.

Wy hawwe noch in oantal ferskate aktiviteiten yn't fet:

- Snein 22 desimber besprekt de Fryske Skiednis rûnte "Wij Vikingen", útjoun tgf de tentoanstelling yn it Frysk Museum, Ljouwert.
- De Fryske Keuken klup sil tongersdeitejûn 13 febrewaris gear oer sels makke Fryske dúmkjes; dêrneist wurdt de ynlieding fan "De welkokende vriesche keukenmeid" besprutsen.
- 28 maart ha wy fansels de Fryske bounsdei. Set it yn de aginda, it wurdt in prachtige dei yn it Prinsenhof yn Delft.
- 19 maaie, jûns fan 19:30 oant 21:30 is de Krite útnoege foar diskusje en buorrel yn de Twadde Keamer. Ynformaasje by Tjomme Bleeker.

Fierders binne wy noch yn kontakt mei de Fryske Akademy oer ferskate lêzingen en oare leuke aktiviteiten sa as in kroechkwis.

Fryske Filmjûn: we ha 28 novimber in leuke filmjûn hant mei de film: "De Fûke". Graach wolle wy op de folgjende filmjûn "De Dream" sjen. Hat ien fan ús leden dizze film tafallich yn de kast stean?

De krite hat it berjocht krigen dat ús lid, de hear Klaas Salverda nei tritich jier De Haach wer werom nei Fryslân ferhuzet. Ferskate leden sille Klaas Salverda wol kinne, ek fan syn boek: " Testament van de Pers". We winksje Klaas en syn frou in moaie tiid ta.

Taheakke ha wy wer in prachtige reis fan "de Fryslannen".

En noch in lêste tip fan Tjomme, it boek: "Friese portretten, hoe een Vlaming Friesland ontdekt". "Tusken 1988 en 2008 besocht Pieter Jan Verstraete mei syn frou alle jierren in regio yn Fryslân of ien fan de Waadeilannen. Meastal waard ek in besite brocht oan it Frysk Letterkundich Museum (no Tresoar) yn Ljouwert. Dêr waard it nedige materiaal sammele oer mannich Fryske taalstriider. It resultaat derfan groeide út oant in rige Fryske Portretten dy wilens tweintich jier yn it Flaamsk-Nederlansk jierboek Zannekin ferskynde. It jierboek leit him yn de earste plak ta op de stúdzje fan Frans Vlaanderen en de Nederlânske en Dútske grinsgebieden. Mei syn stikken wie de auteur de earste nei-oarlochske Flaming dy jierrenlang oer Fryslân publisearre. It boek bundelt portretten fan bekende en minder bekende Friezen. In tal nammen: Obe Postma, Gijsbert Japicx, de bruorren Halbertsma, Harmen Sytstra, Waling Dijkstra, Jan Melles van der Goate, Halvard Hetteema en Rintsje Piter Sybesma. In prachtich boek!"

We sjoche jo graach op 1 fan ús aktiviteiten en/of op ús nijjiersbesite 19 jannewaris.

Mei groetnis fan it krite-bestjoer,
Tjomme, Antine, Jan, Hylke en Sandra.